

5 maaie Rede Huzum

Kommissaris fan de Kening drs. A.A.M.Brok

Sprutsen wurd jildt!

Bêste minsken,

It is in eare om de 5 maaie Rede yn Huzum útsprekke te meien.

Europa stiet troch de aktualiteit yn Oekraïne wer manifest op de aginda oan de begjin fan de 21^e iuw. De grinzen fan dit part fan fan de wrâld lizze net by de grinzen fan de EU.

De Frânske presidint De Gaulle krige ea bekendheid doe't hy spruts fan in Europa fan de Atlantyske Oseaan oant de Oeral.

De 'grootvorst' Wladimir I fan Kiev, dy't kennis hie fan de lear en godstsjinst fan it Byzantijnske ryk, oardielde dat de heidense tsjinsten mei houten ôfgodsbylden fan syn onderdanen net geskikt wie om it gebiet te bestjoeren. Hy liet syn folk yn 988 massal dope yn de Dnjepr.

It skisma fan de tsjerke yn it easten mei de pauselik tsjerke yn it Westen yn de alvde iuw en de ferovering fan Constantinopel yn 1453 troch de Turken, soargen derfoar dat de lettere tsjerke fan Moskou út, him ûnderwerpe soe oan de Tsaar fan Ruslân.... De Russifisearing fan de orthodoxe tsjerke waard befoardere...

“East en West’ is al ieuwen in ‘wrakselpunt’ west oant de dei fan hjoed.

De oarloch yn Oekraïne lit sjen dat de frijheid, feilichheid en wolfeart yn Europa ûnder druk stiet.

Myn stelling is dat de Russyske drieging allinich op te kearen is oan de grins fan de EU en de NAVO at we yntensyk gearwurkje binnen de EU, de VS en oare bondgenoten.

De hjoeddeistige gearwurking binnen de EU lit de lêste moanne sjen dat synisme oer de EU logenstraf wurdt.

De EU stiet foarearst noch as in blok.

Dat is krêftich.

Mar it is tagelyk pynlik konstatearje te moatten dat it earder moatten hie...

Sjoch Georgië, Tsjetsjenië, Syrië...

Oekraïne is net allinich yn oarloch mei Ruslân.

Dit is in gruttere striid.

In striid tusken demokratiën oan de iene kant versus autokratyske machtspolitiek oan de oare kant.

Vrijheid jegens ûnderdrukking.

Yn de EU moatte wy fêsthâlde oan ús demokrasy en rjochtsteat.

Temear dêr't ek binnen de grinzen fan de EU sels der driegings binne fan antydemokratyske aard.

De AIVD stelde yn in ferline wike útkommen rapport bet foar neat dat it gefaar fan alle kanten komt.

Ek yn Nederlân fynt radikalisearring plak op tal fan terreinen.

Ien fan de foarbylden dêrfan is it tanimmende anti-oerheidsaktivisme.

Somtiden fanút it bûtenlân oanfjurre...

De spannings ek yn ús eigen maatskippij nimme ta.

Ek it fascisme en rassisme binne ûnder ús en litte harren akelige gesicht sjen.

Ik ha dêr noed oer.

Wat it bûtenlânsk belied oanbelanget: wy moatte stranger wêze foar lannen dy't fundamentele prinsipes skeine.

De oerheid draacht it swurd ommers net foar neat sa as apostel Paulus seit yn Romeinen 13.

Benammen as se lid binne fan de EU.

Gearwurking moat ek socht wurde mei lannen yn de wrâld dy't dêr gelyk yn stean. Yn Asië en fierder...

Wat ynternasjonale feiligens oanbelanget: troch de NAVO sille der nea Russyske tanks troch de Nederlânske strjitten rôlje.

By de tatreding ta de NAVO yn 1949 stemde yn it Nederlânske parlemint allinich de CPN tsjin.

Mar Europeeske lannen moatte wol in gruttere bijdrage leverje troch mear te ynvestearen yn definsje mar ek troch bilateraal mear gear te wurkjen... sa as bygelyks de de Nederlânske lânmacht mei Dutslân al docht.

Mar ek troch mear mei inoar op te lûken at it giet ynkeap, mobiliteit, ûndersyk en ûntwikkeling.

Henry Kissinger sei it al op in lêzing yn 1979 yn Brussel:

De Europeeske bondgenoten moatte de VS net konstant freegje om strategyske garânsjes.

Dit wie in signaal dat de Europeeske lannen fan de NAVO mear oan definsje bydrage moatte en meiwurkje moatte oan oplossings fan bûten de regio sels. Dit jild ek foar de tafier fan grûnstoffen en it optreden tsjin terreurdaden.

Ek presidint Trump hat sizze stellingname ûnderbout yn syn regearperioade...

Us feilichheid kin net troch oare lannen garandearre wurde.

It is pynlik konstatare te moatten dat de lêste desennia der yn Nederlân allinich mar besúnige is op definsje. En dit mei brede stipe fan ús parlemint.

Pas by de komst fan dit kabinet is in ympuls jûn fan 3 miljard euro.

Struktureel!

En dêr komt nei alle gedachten noch mear jild by fanwege de aktuele sitewaasje.

Efkes foar de byldfoarming: oant 1971 hie Nederlân neist in minister fan definsje in trijetal steatsiktarissen, foar elk kriigsmachtûnderdeel ien – wol mei ûnderbrekkings -.

De Wittenskiplik Ried fan it Regearingsbelied kaam yn 2017 mei it rapport 'Veiligheid in een wereld van verbindingen, een strategische visie op het defensiebeleid.'

Dit rapport stelt dat de feiligenssitewaasje fan Nederlân achterútgien is. It delsjitten fan flucht MH16 boppe Oekraïne is dêr in foarbyld fan.

It rapport fan fiif jier lyn pleitet foar in fersterking fan de ferbining tusken ynlânsk en bûtenlânsk feiligensbelied.

Ek set it rapport de grûnwetlike en bondgenootschappelijke ferplichtings – lês NAVO en EU – liedend wêze moatte foar it Nederlânske definsjebelied.

En ek dat de ôfname fan it kontinue fermogen fan de kriigsmacht en de tebekrinnende feiligenssitewaasje freegje om mear fokus en ekstra ynvestearrings.

Wy moatte net ôfhinklik wêze fan autokratyske regimes.

Wy hiene earder ús ûnôfhinklikens fan Russysk gas en oalje ôfbouwe moatten.

Dit jildt ek foar Sina. Wy binne te ôfhinklik fan Sina foar essinsjele grûnstoffen, produkten en technology.

Wy moatte mear prinsipiël wêze en minder keapman.

Wat dy Sineeske technoly oanbelanget... ek dêr leit in feiligensissue.

De feilichheidstsjinst is alert op Chinese smartphones dy't in risiko wêze kinne foar spionage fanwege de nauwe bannen fan fabrikanten mei de Sineeske oerheid.

Hoe dan ek...

Wy sille yn de EU sels mear produsearje moatte, strategyske foarrieden oanlizze en alternative leveransiers fine.

////////////////////

Litte wy net ferjitte dat Europa net allinich in gearwurking is tusken lidstaten.

Europa is net foar wei. Europa is hjoed, hjir, ek yn Huzum.

It is tagelyk ek in gearwurking tusken de 60 regio's yn West Europa.

60 regio's yn West Europa dêr't taalpluriformiteit is.

Friezen witte, yn de Nederlânske kontekst, hoe belangryk it is om foar diversiteit te wêzen.

Gearwuking tuskende regio's dêr't Bretons, Welsh, Skots, Faroers, Letzenburgysk, Korsikaansk, Baskysk, Monegaskysk, Katalaansk of Ocetaansk sprutsen wurdt, fersterket it belang fan it Europa fan de takomst en it draachflak.

In forsearre Europeeske ienheid, dy't gjin each hat foar kulturele ferskillen kin ienfâldich ûntspoare ta in diktatuur.

Polityk belied moat rekkening hâlde mei de groeiende werklikheid.

Foar de EU betsjut dat dat de polityk him oanslúte moat by de besteande ferskeidenheid fan folken.

Respekt foar eigen kultuer en identiteit is ferget ek it respekt foar oare kultueren en diversiteit.

Fanút dy ferskeidenheid kinne de nedige foarmen fan gearwurking fûn wurde.

Europa wurdt foarme troch ferskillende kultueren, is meartalich.

Ferskillen binne net negatyf, mar prinsipiueel posityf te wurdearjen.

In Nederlanner is gjin Gryk en in Skot gjin Ingelskman.

In Litouwer gjin Rus. In walloniër gjin Flaming en in Bask gjin Spanjaard.

De fierdere groei fan Europa kin allinich ta stân komme at kultueren net yn in smeltkroes terjochte komme mar as identiteiten werkenber bliuwe.

It giet yn it hjoeddeistige Europa om de ferbining te fersterkjen en gearwurking te intensivearjen.

Dêrby kinne wy begjinne by de bakermat fan de EU: de Benelux.

De Benelux is in soarte fan Europa yn it lyts.

Je soene it hast ferjitte mar de Benelux bestiet noch hieltiid.

De regionale yntergovernmentele gearwurking tusken België Nederlân en Luxemburg.

Sûnt 2012 hjit it offisjeel sels de Benelux Unie.

It doel fan de Benelux Unie is om de gearwurking oer de grinzen hinne te fersterkjen en ek om koprinner te bliuwen binnens de Europese Unie.

It is spitich dat de Benelux net sichtber is yn ús nasjonale publike debat!

Sûnder de Benelux soe de EU ek nea fan de grûn kaam wêze.

De Benelux foarmet 2% fan it grûnopperflak fan de EU mar is goed foar hast 8% fan it Bruto Nasjonaal Product.

50% fan de Europeeske luchtfracht en 80% fan de binnenfeart rint fia Nederlân, België of Luxemburg.

Myn stelling is dat der mear inisjatyf fanút de Benelux komme moat.

It giet dan net om machtspolityk, mar in wize werop minsken en goede ideeën byelkoar brocht wurde kinne.

Yn in gruttere EU is in stabile romp mear as nedich.

Al yn de âldheid toande Augustinus mei syn kunde fan it grutte Romeinske Ryk syn foarkar foar lytse steaten boppe grutte.

Yn de Civitate Dei (over de stad Gods) fergelike hy de grutte steaten mei in wettermassa, gefaarliker naarmate se grutter is.

De lytse steaten soene ienfâldich mei-inoar bestean kinne, as buorlju op in streekje.

Ik pleitsje foar in minder frijbliuwende en sterkere gearwurking tusken de lannen dy't ek in mienskiplik ferline hawwe. Fan 1830 oant 1890 ien kening.

It is neffens my fanselssprekkend dat de lannen harren op diplomatyk mêt mear ôfwikselje en bystean yn wichtige Europeeske oerlizzen, bygelyks de Europese Raad. Dat jildt ek foar de diplomasy bûten de EU.

De Benelux kin him ek fierder ynsette om foarportaal te wêzen fan EU-thema's op it mêt fan kriminaliteitsbestriding en transport. Mar ek op it terrein fan klimaat. Der wurdt wurke oan in paske foar elektryske auto's en in standaard foar laadpeallen.

Adjunkt sekretaris-generaal fan de Benelux Unie Weekers hie koartlyn hjir al in pleit foar yn Elsevier.

Ek de gearwurking tusken de plysje is befoardere – België hat 190 lokale plysjekorpsen – By stellerij mei de plysje dan oer de grins, mar ek foar it hearen fan tsjûgen, it dwaan fan ûndersyk, it checken fan feiten en it leverjen fan bijstân by needsitewaasjes, bygelyks ûntfierings.

Wat te tinken 5G ferbinings, it nije mobile netwurk.

De ferbining falt fuort by de grins. De Benelux wurket oan in ynternasjonale stabile dekking.

Dit is net allinich fan belang foar de ekonomy, mar ek foar allerhanne tapassings wermei't de ynwenners te meitsje krije sille.

Ek de intensivearring op ekonomysk terrein biedt kânsen. De chips-ynustry is in goed foarbyld. Hjirtroch kinne der mear ynvestearings plakfine yn de EU as yn Asië of Amerika.

Mar ek in mear intensivere gearwurking tusken de havens fan Antwerpen, Gent, Zeeland Seaports, Moerdijk, Dordrecht en Rotterdam.

Dizze havens hawwe nu mei-inoar in ekonomy mei inselde omfang as dy fan de grutste haven fan de wrâld, Shanghai yn Sina.

En op it mêd fan taal. Yn de lege lannen is mear te learen fan de 'lesser used languages' yn Eupen (Dútsk), Frysk (Frysk), Vlaanderen (Flaamsk) en Lux (Letzenburgysk)

De posysje fan de regio en de fersterking fan de Benelux regio is goed foar it Europa fan hjoed en moarn.

Sintrale oerheden witte net altyd goed wat der yn de regio bart en wat der libbet.

Ek tusken Brussel en de 'periferie', de regio, is der ôfstân.

Dy ôfstân fan Europa mei de regio mei net te grut wurde.

Dan ûntstiet der ferfrjemding.

Neen: Europa is de regio!

De Regio kin net sûnder Europa.

En Europa kin net sûnder de Regio.

De regio hat Europa in soad te bieden.

Sa at Fryslân ek Nederlân in soad te bieden hat...

In antwurd biede kin op nasjonale fraachstikken.

Mar dan moat de regio wol erkend en op wearde skat wurde.

Dan moat de Regio wol yn harren wiere krêft set wurde.

////////////////////

Europa stiet troch de oarloch yn Oekraïne no foar in nije útdaging. Sûnt de start fan de Europeeske gearwurking hat it Europeeske kontinent net in oarloch fan dizze omfang meimakke.

It foarkommen fan oarloch wie de belangrykste reden om binnen Europe mear gear te wurkjen.

“Nooit weer oorlog” wie it credo.

Tsien jier lyn krige de Europese Unie noch de Nobelprijs foar de frede.

No libje wy yn in oare tiid.

In surrealistyske tiid weryn't frede en frijheid net langer fanselssprekkend lykje.

De oarloch test de solidariteit tusken de lidstaten fan de EU en de Europeeske gearwurking.

Oant no ta operearret de Europeeske Unie as ien front.

Gearwurking soarget foar frede, stabiliteit en wolfeart.

Ik ferwachtsje dêrom ek in opkomst fan 90% by de kommende ferkiezings fan it Europeesk Parlemint.

Gearwurking kin net sûnder bining.

Bining yn myn eagen benammen ek it fanút it perspektyf fan de regio's.

Oarloch begjint wêr't respekt foar de oar ophâld.

Respekt foar de oar is allinich mooglik as je ek respekt ha foar je sels.

De 60 regio's yn Europa soargje foar ferskaat en kultuererele rykdom yn Europa.

Dêr sit miskyn wol de wiere krêft fan it Europa fan de takomst.

60 regio's.

Net elk op eigen terp, mar sterk mei inoar ferbûn. Dat kin op ferskate manieren.

Net de regio dus mei in wolvenstek der om hinne...

Nee! Iepen Mienskip!

Ferbûn binnen in sterke en pluriforme Europeeske Unie.

Ienheid yn ferskeidenheid.

Dertroch sil de Europeeske gearwurking sterker wurde.

Foar stabiliteit, foar wolfeart, foar frede.

